

Knal, knal, knetter!  
'k Ha de sliep no út.  
Knal, knal, knetter!  
Ik sjoch foar it rût  
nei it fjoerwurk, 't is in pracht,  
fjoerwurk midden yn 'e nacht.

*Geartsje Douma*





Sa fier as de moanne  
en wer werom,  
sa folle hâld ik fan dy.



**Tûzen tútsjes  
in kilo krûpkes  
in amer fol  
mei swiete snoepkes.**

**In leppel leafde  
en it hert fan my,  
want ik hâld wol  
sá fan dy!**



**In tútsje op dyn wankje,  
in tútsje op dyn ear.  
In tútsje op dyn noaske,  
wêr wolst se noch mear?**



**In tútsje op dyn eachje,  
in tútsje op dyn kop.  
In tútsje op dyn mûle  
sa, no binn' se op!**